

Hendrik Haanstra: 'Fierljeppen is gjin topsport'

Hij is het stemgeluid van het Frysk Ljeppers Boun. In totaal zat Hendrik 'Murk' Haanstra al zo'n 150 wedstrijden achter de microfoon van de commentaarbus van het FLB. Vandaag praat hij het 48ste Fries kampioenschap fierljeppen in Winsum aan elkaar. Op de hem be-

kende wijze; scherp, doorspekt met reiten en regelmatig een cynische of sarcastische grap. „Op it rantsje kommentaar jaan is it moaiste, mar ik sil der noait bewust oerhinne gean.”

Door Edwin Fischer

MENALDUM - Vroeger droomde Hendrik Haanstra al van een carrière als commentator van het fierljeppen. „Ik fûn dat altyd al moai, mar hie noait tocht dat ik ek werklik kommentator wurde soe.” Een ernstig auto-ongeluk in mei 1987, waarbij hij zijn bovenbeen verbrijzelde, was de directe aanleiding dat hij toch achter de microfoon terecht kwam. „Nei seis wiken yn it sikehûs bin ik fuort wer meigongen nei it ljeppen. Omdat jo ek doe de kommentatoaren net foar it útsykjen hiene, ha se frege oft ik net byspringe woe. Dat ha ik dien en it gong my wol goed ôf.”

Zeventien jaar later is de nu 38-jarige Hendrik 'Murk' Haanstra

de stem van het ljeppersgilde. „De tafoeging 'Murk' komt troch it ljeppen. Der wiene ek twa neefkes dy't ljepten en ek Hendrik, nei pake, hiten. Doe ha se de namme fan de heiten der mar oan tafoege. Dus Hendrik Murk, Hendrik Hotze en Hendrik Bokke.” Hoewel hij in het begin nog gereserveerd was in het geven van commentaar - „Ik seach fansels enoarm op tsjin mannen as Gerhard Vlieger en sa” - is dat nu wel anders. „Ik besykje wol altyd posityf te bliuwen, mar as it net goed is moast dat gewoan sizze. Dat kin faak ek net oars, omdat it publyk ek wol sjocht dat der min sprongen wurdt.”

Wat dat betreft is de geboren

en getogen Heidenskipper, die dus automatisch met het fierljepvirus besmet raakte, dit seizoen vaak genoodzaakt om de ljeppers 'streng' toe te spreken. „Oer it algemien ha wy in hiel moai seizoen, mar dan hast it wol oer de froulju, de junioaren en de jonkjes. Want de senioaren binne dit jier wat minder”, zegt hij nu voorzichtig.

„Ik ha it gefoel dat wy net mear echt in topklasse hawwe, sa as dat tsien jier werom sa wie. No binne der mar fjouwer echte toppers mei derûnder noch in pear ljeppers dy't wolris in útsjitter hawwe. En fierders hast wol goede ljeppers yn de A- en B-klasse, mar it is allegear wat minder, gjin top. Wy ha no wol acht 18 metersprongen sjoen en de klasseminten binne net safolle minder as oare jierren, mar dat komt troch útsjitters. Benammen yn de breedte is it minder. Wy ha gjin finales mear dêr't alle fiif senioaren mei in 17 metersprong yn kaam binne.”

Hoewel de toekomst er volgens de eigenaar van twee fastfood-restaurants in Leeuwarden en Goutum goed uitziet, moet er volgens hem ook wat aan de re-

gels veranderen. „Ast sjochst nei it klassemint, dat giet noch altyd oer de beste sân ôfstannen. Mar doe't se dat klassemint ynsteld hawwe wiene der 11 wedstriden, no 23. Moast it klassemint ek belangriker meitsje, der mear konsekwinssjes oan ferbine. No geane alle 24 earsteklassers nei it FK, meitsje

der mar 12 fan. Dan sil der fuort mear foar dien wurde.”

Want fierljeppen is, hoewel sommige ljeppers zeggen van wel, volgens de Menaldumer geen topsport. „Dat past ek net by it ljeppen. Sjoch, fierljeppen is in hiel moaie kultuersport, dy't wy foaral koesterje moatte. Der is ek net ien dy't as in topsporter foar it ljeppen libbet. It hat alles wol, it is in perfekte atletyksport, mar it sil noait in sport wurde dy't de wrâld oer giet. It heart sa by Fryslân en in bytsje by Nederlân en dat moat mar sa bliuwe.”

Wel vindt Haanstra, die zelf als persoonlijk record ooit 16,18 meter neerzette, dat de sport zich verder ontwikkelt. „Ast nei de junioaren en de jonkjes sjochst. Dy dogge der al in protte mear foar as der in pear jier werom foar dien waard. Ik tink

ek dat jonges as Hannes Scherjon, Anne en Ysbrand Galama en Piet Scherjon wat mear mei harren talent dogge as de tsjintwurdige topklassers fan hjoed de dei dien hawwe. It soe mei net ferbaze as wy oer fiif jier mear Fryske ljeppers hawwe dy't in pr yn de 19 meter hawwe.”

Die afstand zal vandaag op het Fries kampioenschap zeker niet gehaald worden. „Dat hoecht ek net, want it giet op in FK altyd allinnich om de titels. Mar koest oare jierren noch wolris foarspellings dwaan oer wa't de titel pakke soe, dat doar ik no net oan. It wurdt sa spannend.

Yn alle fjouwer kategoryen binne safolle kânshawwers. As ik it dochs sizze moat? No, dan allegear gefoelsmjittich. Jacob Scherjon by de jonkjes, Hannes Scherjon by de junioaren, ik tink dochs Antke van der Wal by de froulju en by de senioaren Klaas Haanstra.”


De laatste voorspelling komt overigens niet voort uit broederliefde. „As kommentator fyn ik it ek net slim om oer Klaas te praten. Ik fyn it sels tsien kear makliker om yn de kommentaarbus nei in wedstriid fan

myn broer te sjen as yn it publyk. Dan sit ik my echt op te fretten. Yn de bus ha ik it dêr fiersten te drok foar. Benammen op in FK.”

„Foar in Frysk kampioenskip lûk ik ek altyd de freed út om alle feiten te sammeljen. Want ik

wol alles goed ha, witte hoe faak ien al op it FK west hat, hoe faak er de finale sprongen hat, mei watfoar ôfstannen. Dat is ek in les dy't ik fan de âld-kommentator Teake Bult leard ha. Alles byhâlde. Dat doch ik al sûnt 1978. Doe wie Evert Wilstra foar it libben útsletten en dat fûn ik

sa raar. Dat wie myn held. Fan dy tiid ôf knip ik alles oer it ljeppen út de krante. Ja, moast wol in bytsje gek wêze fan it spultsje om dit sa te dwaan. Mar ik kin my ek gjin simmer sûnder it ljeppen foarstelle. No net en oer tsien jier ek net”, aldus Hendrik 'Murk' Haanstra.



Hendrik Haanstra verwacht een heel spannend Fries kampioenschap fierljeppen. „Ik soe gjin foarspellings oer de winnaars dwaan wolle.”

Foto Dick Manshande